

GKb 11

1

Hark, Israel, de Iene,  
der is gjin oare God.  
Skink Him dyn tagedienens,  
hâld dy oan syn gebod.  
Do moast dyn God beminne  
Him tsjinje nacht en dei  
mei hert en siel en sinnen,  
mei al wat yn dy leit.

2

Dit wurd fan God de Heare  
wol wenje yn jim hert.  
Lit ek jim bern it leare,  
ûnthâld it harren net.  
Jim moatte deroer sprekke  
wêr't jim ek sitte\_of stean,  
wol noait dy taal ferbrekke  
wêr't jim oait komme\_of gean.

3

O folk, byn by dyn skriuwen,  
syn wurd mar om dyn hân.  
Lit it dyn tinken driuwe:  
draach it as hollebân.  
Lit elkenien it lêze,  
op doarpost en homei.  
Sa sil Gods wurd dy wêze  
in tahâld dei by dei.

*tekst* André F. Troost – ‘Hoor, Israël, de Here’  
*oersetting* David de Jong  
*meldij* Willem Vogel